

Johannes 02,01 Frysk

Bruorren en susters en gasten,

Jonges en fammen, hawwe jimme wolris in automotor sjoen? Freechje thús mar ris oft jimme de motor fan de auto fan jimme heit en mem besjen meie. De motor sit fansels ûnder de motorkap. Net dat ik in kenner bin, mar ik fyn sa'n motor in pracht gesicht. En de minsken dy't der ferstân fan hawwe, dy kinne optein wêze oer de motor fan sa'n auto.

Mar it foarnaamste is dochs wêr't sa'n motor foar tsjinnet. Alle auto's dy't makke wurde krije in motor. Dy motor is tige wichtich. Guon minsken sykje in auto út op 'e motor. Se sizze bygelyks: Japanske auto's hawwe in goede motor. Dy moatst keapje.

Mar by einbeslút giet it by de auto net om de motor, mar as men in auto keapet, dan docht men dat om mei dy auto te riden fansels. Dêr wurde auto's foar makke en foar kocht: om mei dy auto te riden. De motor kin net mist wurde. Lyk as de benzine. Mar it doel is ride.

Yn de preek giet it oer eat dat liket op dy motor. De preek giet oer it ferjaan fan ús sünden. In automotor is gjin doel, mar in middel. Allyksa is ferjouwing fan sünden gjin doel, mar in middel!

Dêr giet de preek oer:

FERJOUWING IS GJIN DOEL, MAR IN MIDDEL.

-

Wat is ferjouwing no krekt? Mei dy fraach sette wy útein. Wannear't immen ús ûnrjocht oandien hat, dan kinne wy op ferskate wizen reagearje. Wy kinne sizze: "No wol ik him nea wer sjen!" Of wy kinne kwea mei kwea ferjilde, en besykje him werom te pakken. Of wy kinne besykje ús gefoelens oer it ûnrjocht dat ús oandien is te ferjitten. Of wy kinne de oar ferjaan en besykje de ferhâlding wer goed te meitsjen.

Ferjaan giet tige djip. Der is skuld. Ferjaan is dan net dat men seit: "It falt wol wat ta. Sa slim wie it no ek wer net." Of: "Och, dat hat eltsenien wolris." Ferjaan is net: sân deroer! Asto by jimme yn 'e tún wat bedobbest ûnder in laachje sân, dan komt it samar wer boppe de grûn.

Ferjaan is wol dit: dat wy wat wier slim is de oar net mear oanrekkenje: "Ik sjoch dy net mear oan op watsto dien hast." Dat is net bedobje, mar wier fuort dwaan.

Sa wol de Heare der foar ús wêze. Wy as minsken steane by God yn it kryt, want wy hawwe net dien wat Hy fan ús freget: dat wy God en inoar folslein leafhawwe. Dy skuld stiet tusken ús en God yn. God wol dy skuld opromje.

-

Wat prachtich dat God dat dwaan wol. Mar is dat Gods úteinlike doel mei ús? Wol Hy allinnich ús skuld ferjaan of wol Hy ús noch mear jaan?

It antwurd is: God wol ús mear jaan!!

Johannes skriuwt yn syn brief oer wat God ús mear jaan wol. Hy begjint der sels mei. Hy skriuwt oer mienskip. Dêrmei wol er sizze: ferbûnens. Johannes hat in djippe winsk. Dy winsk hat er net fan himsels, mar fan God en de Hear Jezus. It is ek harren winsk. Johannes winksjet dat de leauwigen oan wa't er skriuwt mei himsels en mei de kristenen om him hinne ferbûn wêze meie. Ferbûn yn leafde, mei wurden en mei dieden. En dan net allinnich ferbûn mei Johannes en de oare kristenen, mar ek ferbûn mei God en Jezus! Yn hertlike leafde.

Dat is ek Gods djipste winsk. Syn doel mei ús. God hat minsken makke om yn leafde ferbûn yn harmony mei God en mei inoar te libjen. Mar de minske hat dy moaie ferhâldingen dy't God makke hie stikken makke. Mar God wol dat wer meitsje. Hy docht dat troch minsken earst in nije relaasje mei Himsels te jaan. En dan ek, dêr út wei, mei inoar.

Dat is it doel dêr't God ús ta makke hat. Lykas in auto makke is mei it doel om te riden. Wannear't God dat docht is der wiere blydskip. God wol dat wy diele yn syn folsleine blydskip dy't Hij hat as God trije-yn-ien: Heit en Soan en Geast. Johannes seit dat dat dêrnei ek te sjen is yn konkrete leafde foar God en foar inoar, libje sa't Jezus libbe hat, Gods ljocht trochjaan.

-

Jo sille it mei Johannes iens wêze dat wy der net folle fan terjochte bringe. Wy hâlde út ússels mear fan *net* mei inoar ferbûn wêze. Wier mei inoar ferbûn wêze, dat kinne wy ússels net jaan. Ek al leauwe wy yn Jezus Kristus, wy sitte noch faak njonken Gods doel mei ús. Johannes seit: "Ferrifelje dysels net en sis net datsto gjin sûnde hast." Likegoed wiist Johannes op de útwei dat God ús ús sûnden ferjaan wol. Sa dat se hielendal fuort binne. Dêr komt Johannes hieltiten wer op werom.

Mar as Johannes sa'n aksint jout oan de ferjouwing fan ús sûnden, wurdt alles dan net goedkeap?

Jonges en fammen, tink jimme ris yn dat jimme nei skoalle geane. Jimme hawwe in learaar dy't gjin oarder hâlde kin. Alle dagen is it ûnrêstich by him. Dy learaar seit op in dei: "No haw ik skjîn myn nocht, der út!"... Hy stjoert dy út it lokaal en do moatst nei de direkteur ta.

De klasse is der even stil fan. Moar it duorret mar efkes. In skoftsje letter giet it wer los. Mar wat bart der no? Dyn learaar stjoert hieltyd faker learlingen de klasse út. Op it lêst stjoert er alle oeren wol immen der út.

En wat sizze jimme: "Smit, mei ik der ek út?"

Sjochst hoe't it wurket: wat faker it bart, wat minder yndruk it makket. It wurdt gewoan. De maatregels dy't dyn learaar naam hat, hawwe neat mear om 'e hakken. Se binne neat mear wurdich.

En no geane wy werom nei de ferjouwing fan ús sûnden. As wy alle kearen op 'e nij hearre dat God ús ús sûnden ferjaan wol, wurdt die ferjouwing fan sûnden dan net likegoed gewoan en neat wurdich? Hawwe jo ek wolris, dat jo tinke: "Och, it wurdt dochs wol ferjûn"? Of: "Ik kin altiten noch om ferjouwing freegje." Of: "Ik bin no ienris in sûndich minske."

Sa prate en tinke, dat kinne wy der fan meitsje. Dan meitsje wy Gods ferjouwing goedkeap. Dan meitsje wy fan ferjouwing in reden om mar troch te gean mei sûndigjen.

Mar wat opfalt is dat *Johannes* dan mar net súnich is mei it neamen fan dy ferjouwing. Hy leit dêr krekt de klam op! Wol trijeris neamt er dat God ús sünden ferjout.

Faaks tinke jo dan: “Hâld der no mar mei op, Johannes. Ienris dy ferjouwing fan sünden neame is wol genôch. No moatst ek in kear sizze fan: “God hat no skjyn syn nocht. Asto noch ienris dy sünde dochst, dan krijst gjin ferjouwing mear!”

Mar dat docht Johannes net. Hy komt iderkear mar wer op dy ferjouwing fan sünden werom.

Is it foar Johannes dan net wichtich dat yn ús ek noch wat te sjen is fan nij libben?... Ja, dat is foar him tige wichtich. Hy neamt dat nije libben net foar neat ek. Blykber slút it iene foar Johannes it oare net út. Ferjouwing fan sünden is foar him net in oanlieding om mar te sündigjen. Dat seit er ek mei safolle wurden: “Dit skriuw ik jimme, om jimme foar sündigjen te *bewarjen!*”

Hoe wurket dat dan? Dêr wol ik fjouwer dingen fan sizze.

1. Ferjouwing is gjin doel.
2. Wy hawwe ferjouwing ús libben lang nedich.
3. Ferjouwing is net goedkeap.
4. By ferjouwing giet it om jo sels.

-

1 Ferjouwing is gjin doel.

De ferjouwing dêr't Johannes oer skriuwt stiet net op himsels. Yn it begjin fan syn brief hat Johannes skreaun oer mienskip hawwe mei God. Dy mienskip makket ús troch alles hinne bliid. Wa't leaut yn Kristus, is troch God mei Kristus ferbûn en syn sünden wurde ferjûn. Dy ferjouwing is gjin doel, mar libjen yn mienskip mei God en Jezus, dat is Gods doel foar ús!! As wy dan mei Jezus ferbûn binne, dan krije wy Him hielendal. De ferjouwing is in part fan it gehiel. Jezus' nije libben krije wy ek.

2 Wy hawwe ferjouwing ús libben lang nedich.

Wat is de reden dat wy altyd wer hearre moatte fan Gods ferjouwing? Omdat wy alle dagen wer sündigje en foar dy sünden ferjouwing nedich hawwe! Johannes lit it iepen en earlik sjen: “As wy sizze dat wy gjin sünde hawwe, ferrifelje wy ússels en binne net earlik.” Dan dogge wy tekoart oan Jezus, dy't ek foar ús sünde stjerre woe.

3 Ferjouwing is net goedkeap.

Wannear't in learaar syn learlingen allinnich noch mar út it klasselokaal stjoert, dan wurdt dat fuortstjoeren goedkeap. Wat faker hy it docht, wat goedkeaper it wurdt. Mar by Gods ferjouwing fan ús sünden wurket it krekt oarsom! Wat faker wy God oprjocht freegje om ferjouwing fan ús sünden en Gods ferjouwing krije, wat better sjogge wy Gods leafde foar ús. En – it kin net oars – wat grutter wurdt ús ûntsach foar God en ús tankberens nei Him ta.

It is wier: Gods ferjouwing kostet ús neat. Mar dat God ús de sünden ferjout, dat hat God sels alles koste! God hat syn leafste besit, syn ienichste Soan, foar ús oerjûn oan de dea. Jezus hat de priis betelle en Jezus is de priis. Johannes seit dat it bloed fan Jezus ús sünden útwisket.

Hoe kin Jezus' bloed no ea goedkeap wêze? Sjoch ferjouwing fan sünden nea los fan it bloed fan Jezus! Wy binne fetber foar ôfstomping. Mar tink dan altyd wer tankber en fol leauwen oan it bloed fan Jezus.

4 By ferjouwing giet it om jo sels.

Johannes seit: "It bloed fan Jezus wisket al ús sünden út."... Ferjouwing wasket net de sünde skjin. Gods ferjouwing wasket de sûnder skjin!... It is God net om jo sünden te rêden. It is God om josels te rêden!!

Mar as it sa der foar stiet, dan is it net mooglik dat alles by it âlde bliuwt. Dat fertelt Johannes ek. Hy seit dat wannear't wy ús sünden belide, God ús de sünden ferjout en ús rein makket fan alle sünde. Dat rein meitsjen slút ek jo hilliging yn. God leit syn leafde yn jo. Hy makket dat jo sünde slim fine, en ferjouwing freegje, en dat jo Him freegje dat Hy jo jout dy sünde net wer te dwaan, mar krekt te dwaan wat Hy wol... Yn de bibel stiet it ferjaan fan sünden nea los fan de ropping en it geskink fan de omkear yn ús libben.

-

Ik wol it noch hawwe oer two falkûlen.

Falkûle 1.

Steane wy net faak tefolle stil by de sünde en wat God dêrmei docht en te min by wat God mei ús docht?

In wichtige útspraak is dizze: God pakt yn syn ferjouwing net de sünde oan, mar Hy pakt de *sûnder* oan!

Faaks lykje wy tefolle op dy man dy't syn auto waskje sil yn de waskstrjitte. Hy set syn auto del yn de waskstrjitte. Hy stapt út. Hy docht sinten yn de masine en hy sjocht op in ôfstân hoe't syn auto moai skjin wosken wurdt.

Dan wurdt dy auto wol skjin, mar der bart neat mei himsels!

As wy mar prate en prate oer ús sünden en oer Gods ferjouwing fan dy sünden, sjogge wy dan net tefolle nei dy sünde?

Witte jo wat ús probleem dan is? Dat is dat wy ússels der bûten hâlde!

Dat is falkûle nûmer 1: dat wy tinke 'It giet om ús sünden', en dat wy ferjitte: 'It giet om ússels!'

-

Falkûle 2.

Wy kinne it net genôch hawwe oer Gods ferjouwing. Mar hawwe wy it faak net tefolle oer de ferjouwing, en te min oer it nije libben dat God ús jaan wol?

Dat is falkûle two dy't ik neame wol. Dogge wy faak net te maklik? Dat wy tinke: 'As myn sünden mar ferjûn binne?' En wy bidde: "Hear, ferjou myn sünden". Faaks as klisjee. En wy tinke: 'As wy no ris fan ús sünden ôf wêze soenen, dan is alles yn oarder.'

Mar it nije libben dan? Hat God ús net in nij libben tasein, ek foar no al?

*Ja, mar sok nij libben, dat kin ik sels net wiermeitsje.

-Dat kloppet. Jo en ik kinne dat net, mar Jezus kin it ús al jaan.

*Ja mar, dat nije libben, der haw ik gjin ferlet fan.

-Soe dat it wêze?... Wêr giet jo ferlangst nei út? Wolle jo allinnich befriijing fan jo sûnden, of wolle jo ek in nij libben?... Mei Jezus jo sa feroarje, dat jo mear op Him lykje?

Faaks sjogge wy Jezus tefolle as in man dy't ús in grut pak bringt. Wy dogge de doar iepen en sizze: "Tank hear, set it mar yn de gong, ik sit krekt efter de kompjûter."

Mar Jezus wol ús net allinnich mar geskinen jaan. Hy wol himsels oan ús jaan!!

As wy allinnich prate oer ferjouwing fan sûnden en wy ferjitte hieltiten it nije libben, witte jo wat ús probleem dan is?... Us probleem is dan dat wy Jezus der bûten hâlde!

De Hear Jezus wol himsels oan ús jaan. Hy wol ús bringe yn it gelok dat Hy, de Heit en de Geast mei inoar hawwe. Hy wol ús blydskip folslein meitsje, ferbûn mei Him en mei inoar.

-

Ferjouwing is net Gods doel mei ús, mar it is in middel yn Gods hân. Alle kearen dat God ús sûnden ferjout, wurket Er yn ús it ferlangst út om mear fan Him te hâlden en fan inoar. God jout njonken ferjouwing ek nij libben. Nij libben net as ús prestaasje, mar as Gods geskink.

Dat is de reden dat Johannes seit: "Wa't him oan Gods Wurd hâld, yn him komt de leafde fan God wier ta syn doel." De leafde fan God. Wat hjir yn de oarspronklike taal stiet kin men oersetse as: 'de leafde fan God', en 'de leafde foar God'. Johannes hat it each op beide: de leafde fan God, dy bringt ús ta de leafde foar God en foar wa't njonken ús steane.

Ik tink noch efkes oan dy auto en dy motor. Wannear't in auto makke wurdt, dan wurdt der in motor yn lein. Dy motor is net it doel. Dy motor is it middel. It doel is dat dy auto ride kin.

Sa is ek Gods ferjouwing net ús doel en dêr mei út. Nee, nei ferjouwing komt fersoening: it wer goed meitsjen. Gods doel is net dat wy net mear swart binne troch ús sûnden. Gods doel is net dat wy wyt en bleek binne, sûnder identiteit. Gods doel is dat wy fan Kristus binne. Dat syn nije libben yn ús wurket en nei bûten ta komt.

Hokker plak hat ferjouwing yn dat proses? Ferjouwing is in middel yn Gods hân. Meitsje dêr yn betrouwen op God brûk fan. Ferjouwing wurket as de motor wêrtroch God ús oandriuwet ta nij libben.

Amen

Liturgy (middeis) :

Fotum en groet

Sjonge: Ps.84: 1.2.3

Gebed

Lêze: 1 Johannes 1,1 – 2,17

Sjonge: Liet 15: 1

Tekst: 1 Johannes 2,1

Preek

Sjonge: Liet 90: 3.5

Belidenis: Gesang 2: 1.2.3.4

Tankgebed en foarbea

Jeften

Sjonge: Ps.103: 1.2.3.9

Segen

Fotum en groet:

Us helper is de Heare, dy't himel en ierde makke hat.

Genede, barmhertichheid en frede mei jimme jûn wurde fan God de Heit en fan Jezus Kristus ús Hear. Amen

Sjonge: Ps.84: 1.2.3

1 Hoe leaflik is jo hûs, o Hear,
de wenning dêr't jo namme klear
ta klinken komt foar alle minsken.
Noait giet de langst wer by my wei,
dat ik dêr komme_en sjonge mei.
Wat soe my boppe dream en winsken
noch leaver wêze_as dêr te stean,
om ta jo libben yn te gean.

2 It heil dat oer de Sion leit,
jout alle libben feilichheid,
foar alle fûgels binne nêsten;
de mosken ûnder 't pannetek,
de swellen boppe 't gollefek,
hja hawwe_in honk om út te rêsten.
Ik haw in honk yn Gods paleis:
o dêr te sjongen nachts en deis.

3 Hoe lokkich, dy't mei iepen hert
syn fuotten op jo wegen set,
jo stêd en timpel yn 'e mjitte.
Jo krêft is harres. Fier en hein
sil yn 'e delte_in sêfte rein
syn mylde drippen falle litte.
Fonteinen springe_ - o wûnder Gods -
op toarre grûnen út 'e rots.

Gebed**Skriftlêzing: 1 Johannes 1,1 – 2,17**

1,1 Wat der fan it begjin ôf west hat, wat wy heard en mei eigen eagen sjoen hawwe, wat wy oanskôge en mei de hannen oanroerd hawwe oangeande it Libbenswurd, dat ferkundigje wy. 2 It libben is ferskynd, en wy hawwe it sjoen; wy getuge en ferhelje jimme fan it ivige libben, dat by de Heit wie en ús ferskynd is; 3 ja, wat wy sjoen en heard hawwe, dat ferhelje wy ek oan jimme, dat jimme ek mienskip mei ús hawwe meie. Wy hawwe dan wer mienskip mei de Heit en mei de Soan, Jezus Kristus. 4 Dat wy dat skriuwe kinne, makket ús troch alles hinne bliid.

1,5 Dit is it boadskip dat wy fan Him heard hawwe en dat wy jimme oerbringe: God is ljocht, en yn Him is alhiel gjin tsjusternis. 6 As wy sizze dat wy mienskip mei Him hawwe, en wy sykje likegoed ús paad yn it tsjuster, dan lige wy en dogge net wat earlik is. 7 Mar as wy yn it ljocht ús paad geane, lykas Hy ek yn it ljocht ferkeart, foarmje wy in mienskip mei-inoar en it bloed fan Jezus, syn Soan, makket ús rein fan alle sûnde. 8 As wy sizze dat wy gjin sûnde hawwe, ferrifelje wy ússels en binne net earlik. 9 As wy foar ús sûnden útkomme, is Hy sa

trou en rjochtfearnich, dat Er ús de sünden ferjout en ús fan alle ûngerjochtsichheid reiniget. 10 As wy sizze, dat wy net sûndige hawwe, litte wy Him foar in liger trochgean en syn wurd sprekke wy net.

2,1 Myn berntsjes, dit skriuw ik jimme, om jimme foar sûndigjen te bewarjen. En as ien al sûndiget, wy hawwe ien dy't it foar ús opnimt by de Heit, Jezus Kristus, de Rjochtfeardige; 2 Dy is it dy't troch syn offer ús sünden útwisket en net allinne uzes mar ek dy fan de hiele wrâld. 3 Hjir witte wy oan, dat wy Him kenne: as wy ús oan syn geboaden hâlde. 4 Dy't seit: Ik ken Him, mar him net oan syn geboaden hâldt, is in liger, en gjin earlik man; 5 mar dy't him àl oan syn wurd hâldt, yn him komt de leafde fan God wier ta syn doel. Dêr witte wy oan, dat wy mei Him ferbûn binne. 6 Dy't seit dat er mei Him ferbûn is, moat krektlyk troch it libben gean as Hysels troch it libben gien is.

2,7 Freonen, ik skriuw jimme gjin nij gebod foar, mar in âld gebod, dat jimme fan it begjin ôf al hân hawwe; dat âlde gebod is it wurd, dat jimme heard hawwe. 8 Dochs is it ek wer in nij gebod dat ik jimme skriuw; it jildt foar Him en foar jimme, want it tsjuster giet foarby en it echte ljocht skynt al. 9 Dy't seit dat er yn it ljocht is, en dochs syn broer hatet, sit noch altiten yn it tsjuster. 10 Dy't syn broer leafhat, bliuwt yn it ljocht, en stroffeljen is der mei him net by. 11 Mar dy't syn broer hatet is yn it tsjuster; hy rint yn it tsjuster en wit net, wêr't er bedarret, want it tsjuster hat him blyn makke.

12 Ik skriuw jimme, berntsjes, want de sünden binne jimme ferjûn om Him.

13 Ik skriuw jimme, heiten, want jimme kenne Him dy't der al fan it begjin ôf west hat.

Ik skriuw jimme, jongfeinten, want jimme hawwe de kweade ferslein.

14 Ik haw jimme skreaun, berntsjes, want jimme kenne de Heit.

Ik haw jimme skreaun, heiten, want jim kenne Him, dy't der al fan it begjin ôf west hat.

Ik haw jimme skreaun, jongfeinten, want jimme binne sterk en it wurd fan God bliuwt yn jimme; jimme hawwe de kweade ferslein.

15 Haw de wrâld en de dingen fan de wrâld net leaf. As ien de wrâld leafhat, is de leafde fan 'e Heit net yn him. 16 Want al wat yn 'e wrâld is, it al te minsklik begearen en it begearen fan 'e eagen en it grut gean op jins besit, komt net út 'e Heit, mar út 'e wrâld fuort. 17 De wrâld giet foarby en har begearen ek; mar dy't Gods wil docht, bliuwt yn ivichheid.

Sjonge: Liet 15: 1

1 No sjong ik foar de Heare
myn liet djip út it herte wei.

Him bring ik lof en eare
om syn genede dei oan dei.

Hy woe myn libben sparje,
ferjoech my al myn kwea,
woe tûzen kear my warje
en rêde fan 'e dea.

Hoe leit oer al myn dagen
syn leafde_in glâns fan goud,
no't Hy yn wolbehagen
my nije krêften jout.

Tekst: 1 Johannes 2,1

Myn berntsjes, dit skriuw ik jimme, om jimme foar sûndigjen te bewarjen. En as ien al sûndiget, wy hawwe ien dy't it foar ús opnimt by de Heit, Jezus Kristus, de Rjochtfeardige.

Preek**Sjonge: Liet 90: 3.5**

3 De grûn fan myn betrouwen
 is Kristus en syn bloed;
 'k haw neat om op te bouwen
 as Him, myn ivich goed.
 O, as Hy my net fûn hie,
 hoe soe 'k foar God bestean?
 As Hy himsels net jûn hie,
 'k moast yn syn grym' fergean.

5 Syn hill'ge Geast fan boppen
 wol wenje yn myn hert,
 leart my it "Abba" roppen,
 ferdriuwt myn soarch en smert.
 Ik haw gjin kwea te dachtsjen,
 no't Hy sels yn my bidt
 mei ûnútsprekber suchtsjen,
 dêr't God de sin fan wit.

Belidenis fan it leauwen: Gesang 2: 1.2.3.4

1 Ik leau yn God de Heit, dy't yn 't begjin
 de himel skepen hat en d'ierde;
 ik leau dat Hy, dy't alles kin,
 my ivich drage sil en liede.
 Hy jout my altyd myn gerak,
 en alle kwea en ûngemak
 lit Hy te'n bêsten my betoare;
 Hy sil syn help yn need my jaan,
 dat hat Hy tasein as myn Heare,
 dat sil Hy as myn Heit ek dwaan.

2 Ik leau yn Jezus Kristus, yn ús Hear,
 Soan fan de Heit, syn iennichstberne,
 en Him allyk yn macht en ear;
 Hy kaam op ierde ta 't ferlerne,
 ûntfinzen fan de Hill'ge Geast,
 Maria's soan, ús hoop' en treast,
 dy't yn Pilatus' dagen litte,
 dy't ienlik stoar oan 't wrede krús,
 Hy woe himsels alhiel ferjitte,
 en teach troch grêf en hel foar ús.

3 Hy is ferriizge op 'e tredde dei;
 it grêfstee iep'ne Him syn doarren.
 Sa teach Hy by syn freonen wei
 om nei de himel op te farren.
 Dêr oan Gods rjochterhân Hy sit,
 en om ús tinkt en foar ús bidt.

Mar ienris komt Hy wer ta d'ierde
 en sprekt mei macht en majesteit
 oer alle libbenen en deaden
 it fonnis yn gerjochtichheid.

4 Sa leau ik ek yn God de Hill'ge Geast,
 ien hill'ge, algemiene tsjerke,
 fan Kristus roppen, 't lijen treast,
 fan Him ta alle striid besterke.
 Ik leau yn Gods ferjeffenis
 dy't der foar alle sûnders is,
 hoe fêst hja ek oan 't kweade klibben;
 ik leau, dat ienris, troch Gods wil,
 ta 't iiv'ge en folsleine libben
 dit stjerlik fleis ferrize sil.

Tankgebed en foarbea

Jeften

Sjonge: Ps.103: 1.2.3.9

1 Lit alles yn my sjonge foar de Heare;
 lit hiel myn hert fan binnen jubileare.
 Ferjit Him net, dy't al dyn kwea ferjout.
 Hy giet foarop, Hy wit de rjochte wegen.
 By sykte_en dea, Hy lit dy net ferlegen,
 Hy rêdt en kroant dy keninklik mei goud.

2 Oan Him de lof: Hy kroant dy oer de mjitte.
 Hy sil dy op syn wjokken farre litte,
 dyn jonkheit as in earn yn de_iere dei.
 In folk yn slavernij hat rjocht ûntfongen,
 syn almacht hat de_oerweldigere betwongen,
 want Mozes wist fan God de goede wei.

3 Hy is de leafde sels en syn genede
 bliuwt by syn bern oant yn alle_ivichheden;
 net ivich sit syn grime_ús op 'e lea.
 Hy docht ús net nei 't kweade dat wy dienen.
 Hoewol Hy wist wat wy Him skuldich wienen,
 Hy fage 't út, en wei wie alle kwea.

9 Lit hiel syn Ryk, de himel fan syn eare,
 oer Him en oer syn wurken jubileare.
 Sjong allegearre_ienriedich foar de troan.
 Lof oan de Hear fan 't libben no en hjirre,
 dy't oan it folk syn wierheid iepenbierre.
 Foar Him myn lofsang ivich en aloan!

Segen:

Mei de Heare dy segenje en behoedzje.

Mei de Heare dy mei it ljocht fan syn antlit beskine en dy genedich wêze.

Mei de Heare syn antlit nei dy takeare en dy frede jaan! Amen